


13-5-'89

# 'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Ineke Feenstra-Sijbesma, tel. 9277  
 Sytske Dijkstra-Bouwhuis, ,, 2968  
 Richtje Speerstra-Bakker, ,, 2635  
 Phün van den Berg-Blokker, ,, 4056  
 Rients van Büren, ,, 9280

TYPE- EN STENCILWURK: Thea Dam-Ruiter.

OMSLACH: Albert van Lingen jr., Wergea.

REDAKSJE-ADRES: Ineke Feenstra, Singel 2,  
 8765 LL Tsjerkwert.


BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.  
 Rabobank Bolsward, reknr. 3087.56.800  
 t.g.v. It Skieppesturtsje Tsjerkwert.

-----

FOARWURD:

ACHTE LEZERS,

De hjerst is nei dy lange moaie simmer dan dochs kommen.  
 En de redaksje hat de avensearskuon oandien, sadwaande is  
 der nei seis wike alwer in skieppesturtsje.  
 It is wat in meageren diskear, mar de ynhâld hoecht derom  
 net minder te wêzen.  
 De bern fermeitsje harren dizze hjerstfakânsje mar tige,  
 kreas waar en der is wol wat aksje yn it doarp.  
 De wâlbeskoeiing is fierhinne klear, de Trekfeart is wat  
 smeller en de Trekdyk wurdt wat breder, as der skielk in  
 kuierpaadsje opkomt, dan ha we der in rûntsje by.  
 En dan de grutte wurken op Iemswâlde, se ha by de brêge  
 al sa'n "snelheidsbeperkende" slinger makke. Je ha noch  
 net rjocht yn'e gaten hoe as de nije brêge skielk wurde




moat, mar we sjogge geregeld nei de foarderingen.  
De betonreed fan Iemswâlde nei de Huitema's is op  
kommende wei en de sleatten fan de nije Iemswâldsterleane  
würde ek al groeven. Je sille mar op Iemswâlde wenje!  
De ruilferkaveling jout in nije impuls oan ús gebiet,  
it jout earst wolris wat oerlêst, mar ik dochs, dat we  
skielk bliid binne mei de fernijjings en ferbetteringen  
dy't komme sille.

De ferieningen binne allegearre al aardich op dreef, de  
froulju yn it doarp skrepe wer om de bazaar klear te  
krijen.


It is altiten in skreppen foar wat, dat komme sil, de tiid  
bliuwt net stean, it feroarte altyd wer. Der steane wer  
huzen te keap fan minsken, dy't fuort moatte as wolle,  
mar der sille ek fêst wer minsken komme, dy't har yn  
Tsjerkwert nei wenjen sette wolle.

De sûkeladeletters lizze alwer yn'e winkels en it sil wol  
wer krekt as oare jierren gean, de Minkes en Wytshes krije  
ek dit jier fêst wer de grutste.  
Kopy ynleverje foar 15 desimber.

Ineke.



+ 1950



Iemswâlde (tusken Boalbers en Tsjerkwert) hat in nije brêge krigen. Net as'n artistiken ten as it âld houten brêgje, mar dochs ten, dy't yn 'e praktyk stikken better fôldocht. Krekt tosoaren hiens hja yn Iemswâlde ek in nij nammsbuordige krigen op it brêgswipperhûs; „Eemswouderlaan“ stie der op. Hwoot it dâl nou, seine, de Iemswâldsters, en mid inoar — der wensje as'n toalf-trestim hâl hâldingen — lieten hja Klaas Sanukking fan Tsjerkwert moatte izerne letters meitsje foar de brêge. Op dat Iemswâlde binne hja fanselsmakere krekte

## BERICHTEN VAN DE DORPSOMROEPER:

Eertijds zong Gerard Cox er al over. Maar ook deze mooie zomer 1989 is weer voorbij en die begon ook al in mei! Evenals de 1ste maand waar de r weer in voor kwam, kunnen wij als een fraaie maand aantekenen. Maar wel een maand waarin de herfst begon, wat bij velen een gevoel van weemoed oproept. Ook na dit mooie zomergetij dat ons dit jaar ten deel viel, volgt nu eenmaal een tijd van afbraak en een ineen schrompelen en vergaan.

Wij zoeken dan wel weer gezelligheid binnen onze huizen.

Maar verlangen soms weer terug naar de dagen waarop we zo de deur uit konden stappen en konden dwalen tussen het zomerse groen en alles wat weer groeide en bloeide.



Ene Gilles v. Hees, hoofd ener school in Amsterdam in 1908 formuleerde het zo:

"Om blij het leven door te treden behoeft men grote schatten niet. Maar oog voor al de heerlijkheden die kosteloos de schepping biedt. Wie de aarde bemindt, de zee, de zon hem is de natuur een vreugde bron!"

Net als de seizoenen, die wisselen, zo gaat het immers ook in de jaren van een mensenleven en wordt het ook eenmaal herfst. De tijd komt dan ook waarop duidelijk wordt wat voor vruchten ons bestaan mocht opbrengen. Kunnen en willen we dan ook danken voor wat de Here gaf en voor zijn geleide elke dag? Wat ook kome, Hij blijft ook in de tijd van afbraak! Als afsluiting van deze berichten: Het is bijna al zover en daarom het volgende waar Noordhof in het jaar 1927 al over schreef: "De blâren vallen reeds op het pad bij honderden ten neder. De ruwe wind rooft blad bij blad en brengt ze nimmer weder. Verdwenen, is dra de frissche bloemenpracht, die zomers ons zoo tegenlacht" Tot zover Noordhof.

En waar ik zelf aan toevoeg uit 1906:

"Ik ken geen schooner zuchten daar waar de herfst mee praaft, als 't zonlicht nederdaalt en dorpen en gehuchten in goud en kleuren maakt."

Voorwaar na deze iets lange inleiding, gaan wij over tot de orde van de dag.

De septembermaand.

Mijn activiteiten bleven ook deze maand en halverwege de volgende niet tot eigen dorp beperkt. Meer dan eens weerklonk mijn stem elders in de provincie en daar buiten.

Op de 1ste zaterdag van de maand, net als 2 jaar geleden, alhier. Maar nu in Ferwoude, ook daar het nog nooit eerder vertoonde reünie spektakel, waar ik in opdracht van de reünie-commissie hun boodschappen omriep. Ook daar eveneens als eertijds alhier een wonderschone middag en avond.

40 Jaar geleden op de 5de werd hier en daar 33°C gemeten 23 dagen in de septembermaand steeg de temperatuur in De Bildt boven de 20 graden.

Zonnig gingen wij allen de 6de naar de stembus. De uitslag weet u inmiddels en als het parings-ritueel voorbij is, weten wij wie met wie zal regeren.

**CDA**

**PvdA**

Een dag later maakte ik een rondgang vanwege de braderie door de straten van het vele malen bezongen "It feintsje fan Menaem" van aldaar.

De dag daarna voor de recreatiecommissie een rondgang door eigen dorp vanwege de nooit eerder vertoonde wedstrijd 'eieren gooien'.

Op de 2de zondag verleende voor het eerst dit seizoen Con Spirito haar medewerking in een jeugdendienst te Hieslum.

Op de 11, 12 en 13de september, 70 jaar geleden werden er tropische temperaturen gemeten van boven de 30 graden.

Donderdag de 14de ging ik wederom door eigen dorp. Maar ditmaal met het rood-wit en blauw lint aan de bel. Met het goede bericht waar een ieder lang op had moeten wachten. En waar de grote dag nu eindelijk voor was aangebroken. En wij allen het konden beleven dat Roelof de Jong

en Joke Huitema elkaar het ja-woord gingen geven!  
Met als afsluiting te weten een bruiloft om nimmer te  
vergeten!!

In deze zelfde week maakte ik op de laatste dag een rond-  
gang door het Veluwe Epe.

De week daarop maakte ik nog enige rondgangen door de  
binnenstad van de Hanzestad Bolsward. En dan de 20ste de  
Grote Dag van het jaar voor de stads- en dorpsomroepers  
uit het hele land. Na de wedstrijden waaraan ik ook deel-  
nam te weten in deze zomermaanden te Purmerend, Ravenstein  
en Dokkum werd op deze dag het concours om het Ned. Kam-  
picenschap gehouden op Hoog Catharijne, het Utrechtse  
winkelcentrum. Het aantal deelnemers bedroeg 12 en waar ik  
als derde Fries 7de werd. Wetende, dat ik nu eenmaal op de  
wedstrijden nooit bij de eersten zal eindigen. En dat hoeft  
ook niet meer. Ik ben er bij! 't Zijn gewoon mooie dagen.

De 4de zaterdag van de maand: Einde van de zomertijd.  
Het is maar vast dat u het weet, n.l. in de nacht van a.s.  
zaterdag 24 maart op zondag 25 maart begint de zomertijd en  
dat zal zo blijven tot zondag 30 september 1990 D.V.

Op de laatste dag van de maand gleed bij de inwoners van  
Exmorra, Allingawier e.o. de 1300ste "Dorpsnijs" sinds  
1964 door de brievenbus. Red. G. Ringnalda die mij nogal  
eens berichten van eertijds doet toekomen.

Als afsluiting van de maand: de hoogste temperatuur in deze  
maand werd gemeten op vrijdag de 22ste en bedroeg 26,2 °C.

Oktober oftewel de wijnmaand; fraai herfstweer op de eerste  
donderdag voor de 'Bolletongersdei' in Bolsward, waar ik  
wederom in de morgenuren een rondgang maakte.

Een dag later hoorde men mijn roep in het Drentse land.  
In een gedeelte van Rolde en een 3 tal omliggende dorpen,  
zoals Nijlandē, Balloo en Deurze in opdracht van de milieu-  
groep aldaar.

Op de 13de was het precies 14 jaar geleden, dat er foto's  
in de krant stonden van besneeuwde auto's. Het was de  
vroegste sneeuw die in ons land viel en even ook overdag  
aanwezig bleef.  
Tot zover de oktobermaand.





## FAN SKIEPPESTURT NEI OALJEKOEK:

Ut eachpunt fan itery soe it in ferbettering wêze; mar nee dêr giet it yn dit gefal net om.

In befoardering is it ek net. Nee it is allinne in feroaring fan by- of skelnamme.

No moat men der fansels earst goed oan wenne en dan net allinne dy oare bynamme, maar fral ek oan wat der allegearre mear oan fêst sit.

It ferhuzjen is ek al gau wer fergetten; ûngemakken lykas in pyama en in sâltpot dy't nergens te finne binne, kom je al gau oerhinne. Mar dan de ûnderfining dat je ergens 64 jier wenne hawwe; foar Renie is dat 39 jier; altyd op datselde Beabuorren en dan sa ynienen ergens oars op bêd gean en ergens oars wekker wurde, ergens oars sitte te iten en ta it rût út sitte te sjen, nachts ynpleats fan it ratteljen fan de foarhikken de stêdhûsklok slaan te hearren. It binne allegearre dingen, dy't fêst sitte oan de feroaring fan skieppesturt nei oaljekoek en je oan it tinken sette wat der dan yn al dy tiid wol net bard is.

Der soe in boek oer te skriuwen wêze en hoe dat dan hjitte moast.....miskien wol "fan ruterstok nei viconpak" of "fan spantou nei foerautomaat". Mar dêrwie fansels ek oars noch wat as ark en wurk. Fral as dan út al dy doazen op'e âld solder de boekjes fan sa'n 20 toanielstikken; spile by "Eensgezindheid" en by de Krite, foar it ljocht komme, de flage en in stik as wat emblemen fan G.V.T.D. gymnastyk fer. Tjerkwerd-Dedgum boppe wetter komme. Dan kin men allinne mar mei nocht werom tinke oan alles wat him der "fan Harmonie nei Waltahûs" ôfspile hat.

Der wurdt wolris sein: "Ferhuzjen is in lyts bytsje deagean." Dat is wol wat al te slim. Nee, ferhuzje heart by in sûn en in lang libben, as je net oan ferhuzjen ta-komme is ek net bêst. Dêrom, neiste buorlju, buorlju en doarpsgenooten bedankt en it allerbêste tawinske fanút de oaljebollestêd. Fansels komme wy sa tichte by dy kant gauris út en dan benammen nei dat plakje dat nei 100 jier noch




presiiis lyk bleaun is, by de Beabuorster mole, om it lêste wetter dat der dit jier noch falt der út te meallen. En om dan fan "efter it kruirêd" de wrâld nochris goed te besjen.



Groetnis fan Pier en Renie  
en wolkom op de Gysbert Japicxlaan 19,  
mar graach net allegearre tagelyk.

~~~~~

FAN IT PJUTTEHONK:



Wa hat in poppekast foar ús?  
Faaks stiet der noch wolris wat yn in hoekje op'e souder.  
Wy soene der tige bliid mei wêze.  
Ek ridend materiaal is wolkom!

Rixt.

~~~~~

BOARGERLIKE STAN:

Berne op'e Sylroede:  
Op sneon 21 oktober krigen Haye en Tea Huitema  
in jonge soan. Hy hjit Bouwe.  
Alden en pake en beppe fan herte lokwinske!



## MEIDIELING:

De "Dykgraven" fan'e Arkumer- en Dedzjumer Himdiken litte jimme it folgjende witte:

Fan no ôf oan mei der gjin pûn, tûnôffal, gers of heakkel-seadden mear dumpst wurde op'e âld diken.  
Ek mei der net mear brandsjestoekt wurde!



B.H. Bruinsma, foarsitter,  
O.J. Postma, siktaris/pong-  
hâlder.

%%%%%%%%%

## KOLLEKTE OPBRENGSTEN:

+ De Pitkollekte in ons dorp en Dedgum heeft opgebracht  
f 148,30. Heel hartelijk dank, ook aan de kollektanten.

J. Velema-Hemrica.

+ De kollekte voor geestelijk gehandicapten heeft het  
mooie bedrag opgebracht van f 380,-- Alle gevers en  
geefsters heel hartelijk dank.

Namens H. Kooyenga en Antje de Jong.

+ De Jaarlijkse kollekte voor de Nederlandse Kankerbe-  
strijding is weer voorbij en heeft in totaal f 2434,65  
opgebracht. Te weten in:

Parrega f 1134,35 - Hieslum f 139,90 - Tjerkwerd f 591,85  
Greonterp f 199,90 - Dedgum f 368,75.

Alle gulle gevers, geefsters en kollektantes heel hartelijk dank.

Het bestuur.

~~~~~

EVEN VOORSTELLEN.....

Sinds september wonen wij, Henny en Broer, op de Waltaweg 21. Henny werkte en woonde in het verleden 2 jaar in A'dam, maar is nu alweer een dik jaar de drijvende kracht van Altena's Groenten en Fruit in Bolsward. Ik studeer journalistiek in Zwolle. In deze stad woonde ik 2 jaar. In de periode 1983-1987 teisterde ik het dorp met mijn krantje Parodia. Hiermee wou ik o.a. wat tegengas geven aan It Skiepepesturtsje. Dat vond en vind ik nog steeds een ietwat saai dorpskrantje. Volgens mij valt er veel meer van zo'n dorpsblad te maken. Na met Parodia 5 jaar onrust en verderf in Tjerkwerd te hebben gezaaid, hield ik met het krantje op. Het enige wat nog aan Parodia herinnert, is de beroemde trimloop Tjerkwerd, Parrega, Dedgum, Tjerkwerd. (De Parodialoop) Ieder jaar organiseer ik deze 'slijtageslag over het asfalt'. In april 1990 is het weer zover en verwacht ik weer veel deelname. Dorpsgenoten, trek uw gymschoenen aan en begin vast te oefenen!

.....

DE KRUISVERENIGING ORGANISEERT VOOR ALLE INWONERS VAN PARREGA, TJERKWERD, DEDGUM, HIESLUM, EXMORRA EN ALLINGAWIER EEN CURSUS "ZIEKENVERZORGING THUIS":

Ziekenverzorging thuis

In elk gezin is weleens iemand voor kortere of langere tijd ziek. Door de huidige ontwikkelingen in de gezondheidszorg komt het steeds vaker voor dat een zieke thuis verzorgd wordt. Meestal geeft dit niet veel moeilijkheden. Maar wanneer er een ernstige of langdurige zieke te verzorgen valt, zal er in het gezin toch enige kennis aanwezig moeten zijn om de zieke op een goede manier te verzorgen.

Voor belangrijke zaken kan de wijkverpleegkundige of wijk-  
ziekenverzorgende om raad gevraagd worden.

Maar daarnaast blijft er voor de huisgenoten, burens of  
vrienden nog heel wat zelf te doen en te beslissen.

Goede wil is vaak niet genoeg om bedlegerige zieken te  
verplegen. Daarom wil de kruisvereniging, bij voldoende  
deelname, een cursus van 5 ochtenden organiseren.


Onderwerpen, die aan de orde kunnen komen zijn o.a.:

- de zieke en zijn omgeving, - problemen rond het ziekbed;
- reacties van de zieke, verzorging van de stervende, -
- informatie van de diëtiste over voeding voor de zieke, -
- het bed en de hulpmiddelen, - tiltechnieken, - persoonlijke  
hygiëne; hoe zit het met wassen en kleden.

De cursus wordt gehouden op do. 2, wo. 8, wo 15, do 23  
en do. 30 november a.s. van 9.30 - 11.30 uur, in het  
dorpshuis "Het Honk", Dorpsstraat 50 in Exmorra.

De leiding is in handen van de wijkverpleegkundigen. Voor  
leden van de kruisvereniging wordt alleen een kleine bij-  
drage gevraagd voor de koffie.

Wie belangstelling heeft kan zich opgeven bij de wijkver-  
pleegkundigen in Bolsward. Telefoonnummer: 05157-2777  
tussen 13.00 - 14.00 uur. (aanmelding vóór 26 okt. a.s.)



## PLAYBACK- EN SOUNDMIXSHOW:

Dat wie ferline jier in grut sukses. Wolno op 18 novimber is it wer safier. De striid kin op'e nij wer losbarste om de Pier Zyslingbokaal. .

De dielnimmers soargje der foar dat de mesyknûmers op in bantsje stean en we kinne los. Wa't meidwaan wol, moat him/har opjaan by Jan Dykstra, till. 9498 foar 15 novimber. Der kinne fansels ek groepen meidwaan. Wy wolle graach witte wa't jimme neidogge en ek de namme fan de "song" moat fan tefoaren opjûn wurde. Nei ôfrin is der dûnsjen ûnderlieding fan de "filaments roadshow".

Dus: Allegearre op 18 novimber om 8 oere nei't Waltahûs.

## KEATSEN:

De keatsery is wer dien! We hawwe in prima simmer hân foar dizze âlde fryske sport. Net minder as 17 kear koene de bern en de âlderen de (stramme) spieren strekke. Dat we 17 kear keatse koene lei foar in grut part oan Sjoerd Gaastra dy't yn'e fakânsjeperioade de saak oan'e gong hâlde. Sjoerd tige tank foar dyn ynset en we rekkenje alwer wat op dy yn 1990. Tank ek oan fem. J. Huitema foar it brûken fan it materiaal-hok. It die bliken, dat regelmaat risseltaat opsmiet. Steef, Durk en Nelly fan Ule wiene der alle 17 kear: se waarden 1, 2 en 3!!! Der diene dit jier 37 jeugdkeatsers mei en 15 grutten. De útslach:

### Jeugd

|                       |     |    |    |
|-----------------------|-----|----|----|
| 1. Steef Haarsma      | 106 | út | 17 |
| 2. Durk Walsma        | 98  | "  | "  |
| 3. Nelly U. Haarsma   | 92  | "  | "  |
| 4. Marieke Walsma     | 84  | "  | 16 |
| 5. Durk Ouderkerken   | 82  | "  | "  |
| 6. Jelmer de Boer     | 80  | "  | 14 |
| 7. Michiel Galama     | 80  | "  | 16 |
| 8. Nelly T. Haarsma   | 79  | "  | "  |
| 9. Anke Witteveen     | 79  | "  | 15 |
| 10. Tjeerd D. Haarsma | 78  | "  | 14 |
| 11. Tjeerd U. Haarsma | 77  | "  | 15 |

|                       |       |    |
|-----------------------|-------|----|
| 12. Tonny Witteveen   | 76 út | 16 |
| 13. Alex Draaisma     | 75 "  | 11 |
| 14. Manfred de Wolff  | 75 "  | 15 |
| 15. Johan Ouderkerken | 73 "  | 14 |

Fan de jeugd wie de fierdere útslach:

|                       |           |  |
|-----------------------|-----------|--|
| 16. Gerrit Schukken   | 70 punten |  |
| 17. Rianne Falkena    | 70 "      |  |
| 18. Hielke Steggerda  | 68 "      |  |
| 19. Jacob Hofstra     | 65 "      |  |
| 20. Jelle Brandsma    | 65 "      |  |
| 21. Maura Falkena     | 62 "      |  |
| 22. Nienke Nauta      | 62 "      |  |
| 23. Sjoukje Dijkstra  | 59 "      |  |
| 24. Rixt N. Schakel   | 58 "      |  |
| 25. Tineke Schukken   | 52 "      |  |
| 26. Marijke Dijkstra  | 49 "      |  |
| 27. Mark Nauta        | 49 "      |  |
| 28. Eduard Witteveen  | 48 "      |  |
| 29. Jan Nota          | 47 "      |  |
| 30. Jolt v. Buren     | 47 "      |  |
| 31. Peter Ouderkerken | 47 "      |  |
| 32. Aukje v.d. Werf   | 45 "      |  |
| 33. Douwe Algra       | 39 "      |  |
| 34. Anke de Boer      | 32 "      |  |
| 35. Leon Falkena      | 29 "      |  |
| 36. Johan Huitema     | 22 "      |  |
| 37. Ids Walsma        | 17 "      |  |

Senioren:

|                      |       |    |
|----------------------|-------|----|
| 1. Niek de Boer      | 79 út | 14 |
| 2. Anno Galama       | 75 "  | 13 |
| 3. Hayo Hylkema      | 71 "  | 13 |
| 4. Marco Burghgraef  | 65 "  | 13 |
| 5. Gooitzen Brandsma | 64 "  | 15 |

Fan de senioren wie de fierdere útslach:


|                    |           |  |
|--------------------|-----------|--|
| 6. Sjoerd Huisman  | 63 punten |  |
| 7. Johan Gaastra   | 58 "      |  |
| 8. Douwe v.d. Werf | 51 "      |  |
| 9. Bertus Walsma   | 46 "      |  |



- |     |                  |    |              |
|-----|------------------|----|--------------|
| 10. | Ids Schukken     | 37 | punten       |
| 11. | Anne H. de Boer  | 37 | "            |
| 12. | Thoma Burghgraef | 28 | punten út 4! |
| 13. | Sietse Gaastra   | 27 | punten       |
| 14. | Cilia Huitema    | 24 | "            |
| 15. | Hein Gietema     | 21 | "            |

Oant sjen yn maaie 1989.

J.D.



S N Y P S N A R E N

- Sjesa, it lêste stikje wâlbeskoeing is ek klear.  
It wetterskip sil tocht ha: "Komme je oer de hûn, dan komme je oer de sturt!
- Velting heeft last van veldmuizen.
- De jeugdklub fermakket him tsjintwurdich op'e kreake fan'e Grifformearde tsjerke. Tiden ha tiden!
- As de feinten fan Jelte Sp. harren ferfele, wurde se it dak fan de lisboks opstjoerd om dat te fervjen.
- Anita Hekkema koe net yn'e hûs komme: gjin kaai.  
Dan mar nei Joke S. om in ledder. Se klautere mei gefaar foar har libben troch it dak-finster. Blykber wie se fergetten dat Joke net allinne in ledder mar òk in kaai fan har hûs hat.
- Alle boatsjelju binne gjin skippers. Marten Br. syn sylboat gyng oan spuonnen. De fersekering dekt de skea.



Der wurdt grute, dat Marten der gjin neidiel fan hân hat.

- De pleats fan Klaas Galama hat de kop der wer op.  
Nekdûkerich.....mar kreas.
- Jos en Coby bouwe nij (tsjin harren hûs oan) Hie dat net better op it nije bouterrein kinnen?  
As der ien skiep oer de daam is, komme der grif mear.
- Pake Bouwe en beppe Sonny.....  
It is even wennen!
- Reinold waard oanriden op syn brommer en de poat kapot.  
Koartlyn waard syn brommer "meinommen". Se hawwe it mar op him fersjoen.
- De spanning wie blykber nochal hevich op'e troudei fan Roelof en Joke. Healwei de trourede bejoech Roelof syn bûkban it en doe't it oan de ringen ta wie, blykte Roelof syn ring wol 3 maten te lyts te wêzen. De útsetter wie 6 hechtingen foar Roelof. Trouwe, de moaiste dei fan je libben.....



- Twa jier lang kaam der in riger, sa is it relaas, lâns by de ielfiskerij fan De Haas.  
Eltse middei siet er dêr om 5 oere  
en die oars neat as nei de fisken kikeloere.  
De Haas tocht: "Ik jou him ek in part,  
'k ha ommers genôch, wat makket my dat!"  
Mar nei 2 jier eltse dei biddeljien, och hea,  
wachte de riger in ôfgryslieke dea.  
Want op in freed-te-middei om 5 oere,  
siet de "dea" dêr ek te kikeloeren.  
It gyng him net om fisk, mar om de riger.  
En spitichgenôch, syn sin krig'er.  
De fûgel fleach op, it fiskje krekt troch de strôt,  
dêr wie in auto en ried him oan grôt.  
Dit wie it tryste relaas  
fan in foarfal dat spile by de fiskerij fan De Haas.

